

Dit ferhaal spilet him ôf sa om en de by de Krystdagen yn `t jier 1943. It wie oarloch en al wennen wy yn ûs doarp ridlik rêstich dochs wiene wy ûs tige fan bewust dat it sa feroarje koe.

Ûs heit siet yn it ferset de measte aktiviteiten waarden `s nachts útfierd, sa dwaande ha wy der der frijwol neat fan murken.

Tichte by it doarp wie in grut kamp wer `t Dútsers legere wiene, sa no en dan marsjearen se sjongende troch it doarp. As bern fûn ik dat prachtich, dy mannenstimmen klonken sa moai yn de iere moarn. Mar fan dat legerkamp ha wy nea lêst hân.

Neist ûs wenne in foute fotograaf mei frou en twa lytse famkes. It âldste famke kaam wol gauris by ûs oer de flier. Se groete dan mei de wurden: "Heil Hitler!" en wy groeten werom mei: "Oranje boppe!"

Letter hearden wy dat `t har ferbean wie om by ûs te kommen. Want se kaam dan thús mei de groet; "Oranje boppe!" en "Heil Hitler!".

Om de Krystdagen hinne kaam in freondinne fan ûs mem te ferstjerren. Ferskate minsken út it doarp makken de routsjinst mei. De Meniste tsjerke wie al gau grôtfol. Ûs mem kaam neist in echt pear te sitten dy `t op in pleats wennen bûten it doarp. Dit pear wie berucht, Joaden en ferzetsminken waarden troch harren dwaan ferried en oppakt. En hie ûs mem har mûle mar hâlden dan wie er neat bard.

It begong mei de preek fan de dominy. De boerinne sei; dat fan de Joaden hie hy út de preek hâlde moatten. Boppedat moasten se alle bledsiden út de bibel wêrop joaden foarkomme er út skoarre.

"Mar minske," sei ûs mem; "dan bliuwt er neat fan de bibel oer. Witte jo wol dat Jezus ek in Joad wie?"

Geande wei wûn se har al mear en mear op.

"Trouwens," sei se; "jimme hawwe fan de Joaden ôf te bliuwen en wat de Dútsers oanbelanget, dy moasten se yn konsintraasje kampen sette."

Doe de roustoet foarme wie en út ein sette, sei de frou mei in poerlik gesicht; "Jo krij ik

wol." In grutte eangst kaam oer ùs mem, hja tocht oan ùs heit dy `t yn `t ferset siet. As dy pakt waard soene se him twinge de nammen te neamen fan al syn maten. Ek de bern en harsels rûnen gefaar.

Doe ùs mem thús kaam dy se it hiele ferhaal oan heit. Wat wie dy man liik. Hy sei; "Datsto net yn 'e gaten hast yn wat foar tiid wy libje. Dat elk wurd tefolle is. Do hast in protte minsken yn gefaar brocht. No kinne wy twa dingen dwaan; ôfwachtsje as do moast dyn ekskús oanbiede."

"Ik myn ekskús oan biede foar wat wier is?"
"Ik lit it oan dy oer; ôfwachtsje as der hinne."
sei er; "Do nimst de beide bern mar mei dan bist net allinnich."

"Se hawwe der in grauwe hûn op it hiem rinnen, elkenien is der benaud foar. Sels de Dútsers. Dus oppasse."

Jûns nei achten mocht gjin ien him noch op strjitte fertoane. Allinnich hjir wie haast by, sa dwaande gongen wy nei achten de doar út.

Der lei in tsjok pak snie en it wie stjer helder. Der baarnde gjin strjitferljochting mear. Efter

mekoar oan rûnen wy deun tsjin de huzen oan, oant wy by in pleats kamen. Der stutsen wy it hiem oer en de tocht troch de wiete besnijde lannen wie begong.

It wie krekt as dreamde ik. Ik wie in famke fan sa'n njoggen jier, ik wit noch wol dat ik tocht; 'Is it wol oarloch? Moatte wy wol nei dy aaklike boer en syn frou en dy ofgriislike hûn?'

It wie deastil en sa moai, sa smetteleas wyt wiene de omkriten mei de ljochte himel en de tûzende stjerren. Gjûn minske hie hjir noch in foet setten dochs makke de eangst in ein oan myn dreamerij.

Ik tocht; 'As dy hûn ùs te pakken kriget skoart er ùs de klean fan it liif. As de Dútsers al bang binne foar it bist, dan sjocht it er net bêst foar ùs út.'

Yn myn eangst stammere ik wurden as;
"Heare, ik bin net bang foar de boer en syn frou mar wol foar dy lilke hûn."

En sa rûnen wy nei myn gefoel oeren troch in feeërike omjouwing. Ûnferwachts wie der de hikke lyk tsjin oer de pleats. "No moatte jimme goed harkje." flústere ùs mem; "We

rinne hiel súnstjes oer it hiem. En as wy by de doar komme geane wy der yn sûnder folk te roppen. Wy rinne troch oan `t yn de keamer en no de klompen út."

Han yn han rûnen wy deastil it hiem oer.

Efkes letter rûnen wy in hiele lange gang troch nei de wenkeuken. Mem dy resolut de doar iepen en der stiene wy yn it folle ljocht fan de petroaljelampe. By de tafel siet de boerinne mei in soan fan sa'n tweintich jier.

It skrikeffekt fan dy beide minsken wie net te beskriuwen. Se haptten nei de siken doe wy der as geasten foar har stiene.

De frou stammere mei in yn wyt gesicht; "Hoe komme jimme hjirre?"

"Rinnend." sei mem en wiisde op de wiete sokken. "Mar dat bestiet net," sei se; "wer is de hûn? Gjûn mins ûntkomt him, hy heard alles!"

Mem woe de frou de han jaan mar dy waard wegere. Doe sei mem; "Wat ik oer de Dútsers sein ha nim ik werom. It spiet my. Mar wat ik oer de Joaden en de Bibel sein ha, der bliuw ik by."

Ynienen komt de soan yn aksje. Hy sei; "Mem, jo jouwe har dochs net oan? Se binne dwers troch de lannen kaam, dat dogge jo dochs net?" Freegjend seach er syn mem oan en ferge in antwurd.

"No, ik sil wol sjen." sei se.

Mar de soan bleaun pleitsjen; "Jo dogge it net, hear!" "Goed," sei se; "ik sil it net dwaan."

"Tankje wol." sei mem.

Wy rûnen werom troch de lange ,lange gong, han yn han op sokken it hiem oer oan `t wy by de hikke kamen. Wy stiene krekt bûten de hikke as der kaam de hûn oan stoarmjen.

By it ljocht fan de moanne seagen wy in ôfgryslke kop mei in hiele grutte bek wagewiid iepen.

"It is in hiemhûn." sei mem; "dy giet net fierder."

Bliid rûnen wy de selde wei werom op hús ta troch in wrâld dy yn myn eagen noch serener wie dan de hinne reis. Hoe jong ik ek wie, ik wist wa ik betankje moast foar it

*wûnderlike gedrach fan de hûn. Mar ek foar
de soan dy mei ùs te dwaan hie.*

*Ticht tsjin de huzen oan kamen we feilich
thús. De frou fan de boer hat wurd hâlden.*

*Ùs heit hat syn ûndergrûnske aktiviteiten
troch dwaan kinnen.*

En ùs mem hat er nea wer oer hân.

Wokke de Ruiter – 7 dec. 2014

<http://www.tidenhawwetiden.nl>